

Provinsjale Steaten fan Fryslân  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 30 maart 2021  
Ferstjoerd, **30 MAART 2021**

Ús merkteken : 01860883  
Ôfd/Opjefte : Kultuer en Gastfrijheid  
Opsteld troch :   
Jo merkteken :  
Taheakke(n) : Cultuur nu & Overmorgen

Ûnderwerp : Ynformearjende brief oer Cultuur nu & Overmorgen

Achte steateleden,

De ôfrûne trije moanne binne wy dwaande west mei de troch-ûntwikkeling fan it Frysk Field Lab, yn oparbeidzjen mei gemeenten en teaters, om de kulturele sektor yn Fryslân te fersterkjen. Deroer hawwe we jim steaten yn desimber 2020 ek ynformearre. De grutste ynspiraasjebron foar it Frysk Field Lab is in plan fan de fiif Fryske teaters. Mei dit brief ynformearje wy jim oer dit plan, de oanbefellings fan de Raad van Cultuur, en de aksjes dy't wy ûndernommen ha om lânlik jild foar dit plan frij te meitsjen.

### 'Cultuur nu & overmorgen'

'Cultuur nu & overmorgen' beskriuwt de plannen fan it Fries Schouwburg Overleg (De Lawei, de Koornbeurs, de Harmonie, Posthuis Theater en Theater Sneek) om nau gear te wurkjen as 'experimenteel cultuurbedrijf'. De teaters wolle har ekspertize, fasiliteiten en netwurk ynsette om, tegearre mei provinsje en gemeenten, de kulturele ynfrastuktuer yn libben te hâlden en te fersterkjen. It plan beskriuwt de ferskate doelen ('transitieopgaven') dy't de teaters harsels stelle om yn ûnwisse tiden 'meer wendbaar en weerbaar' te wurden op artistyk, finansjeel, romtlik, maatskiplik en sosjaal mêd.

Konkreet wolle de teaters eksperimentearje mei: (1) it teater as produsint en produksjehûs, (2) in sterkere rol fan kultuer yn maatskiplike opjeften en (3) in oar, mear divers brûken fan de teaters. It projekt kin neffens de ynisjatyfnimmers as spin-off oare, regionale gebieden sjen litte hoe't je fanút gearwurking en fanút de lokale mienskip ta in sterk kultuerlânskip komme.

It plan 'Cultuur nu & overmorgen' is taspitst op it rapport 'Onderweg naar overmorgen. Naar een wendbare en creatieve sector' van de Raad voor Cultuur (novimber 2020). Dêryn riedt de Raad de minister oan om trije fieldlabs te finansieren, dêr't nije en eksperimentele gearwurkingsplannen yn prebeard wurde op it gebied fan digitalisearring, rûmtlik ûntwerp en produktdifferinsjaasje. 'Cultuur nu & overmorgen' past it bêste by it twadde en tredde fieldlab.

#### **Petearen**

Lykas oankundige yn it brief fan 1 desimber 2020 (01820041) set it kolleezje har yn foar in Frysk Field Lab, passend by it adfys fan de Raad voor Cultuur. We hawwe geregeld oerlis mei de wethâlders fan de fiif gemeenten en de teaters. Tegearre hawwe we petearen hân mei de Raad voor Cultuur en it ministearje fan OCW oer it plan. Ut dy oerlizen docht bliken dat it adfys fan de Raad voor Cultuur nei alle gedachten oernaam wurde sil, mar dat it noch ûndúdlik is hoe it jild ferdield wurdt, wa't de rezjy oer de fieldlabs op him nimme sil en oft it plan fan de teaters foldocht oan de kritearia dy't de Raad voor Cultuur foarstelt.

It kolleezje sil him der foar ynsetten bliuwe om middelen te finen foar in Frysk Field Lab, net allinnich lanlik mar ek provinsjaal. Ta einbeslút litte wy jim witte dat it Frysk Field Lab sintraal stean sil yn de (útstelde) kultuer- nijjiersresepsje yn De Lawei yn Drachten.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouwus - Riemersma, MBÂ MCM, sekretaris